

NIJSBRIEF

Sjoch foar nijs yn it Frysk: ItNijs.frl



Ried fan de
Fryske Beweging

Bûterhoeke 1 - Postbus 2637, 8901 AC Ljouwert
www.fryskebeweging.frl - ynfo@fryskebeweging.frl

Achte lêzers,

Ljouwert, oktober 2023

Hjirby de twadde nijsbrief fan 2023 mei nijs oer de Ried fan de Fryske Beweging. It hat even duorre, mar dat betsjut net dat we salang stilsitten hawwe. De Ried is folop yn beweging, fansels foar it Frysk, mar de lêste oardel jier ek foar de Ried sels. Yn dizze nijsbrief prate we jim graach by oer de stân fan saken. Hjirby giet ek de útnûging foar de Grutte Ried op tongersdei 9 novimber om 19.30 oere by Nij Franjum yn Marsum.

Oprop: graach mailadressen trochjaan (sjoch ûnderoan dizze nijsbrief).

Bestjoer Ried fan de Fryske Beweging

Wizigingsakte Ried Fryske Beweging ûndertekene

Op 14 septimber 2023 is op it kantoar fan Sekuer Notarissen yn Surhústerfean de wizigingsakte fan de Ried fan de Fryske Beweging ûndertekene dêr't op 7 juny 2023 troch de Grutte Ried ta besletten is. Oan dy wiziging fan it karbrief gie in lang en soarchfâldich proses fan oerlis mei stipers en oansletten selskippen oer de takomst fan de Ried foarôf. Doel fan de wiziging is om as stichtingsbestjoer slachfeardiger wurkje te kinnen en dêrmei ek formeel oan te sluten by de praktyk sa't de Ried al jierren funksjonearret.

De oerkoepeljende, foechhawwende Ried wurdt omfoarme ta in Advysried dêr't it bestjoer geregeld oerlis mei hawwe sil om ideeën út te wikseljen en inoar te stypjen. Alles mei as doel om de lykberjochting, lykwaardigens en sichtberens fan de Fryske taal en kultuer te befoarderjen. It bestjoer sil de Advysried op 9 novimber foar it earst byinoar roppe en hopet dan safolle mooglik Fryksinnige ynstânsjes om 'e tafel te krijen.



Foarsitter Reinder Reitsma en skriuwer Nynke Beetstra mei kandidaat-notaris mr. Margriet Brouwer

De Fear foar Hindrik van der Meer

Op 3 july 2023 hat in delegaasje fan de Ried fan de Fryske Beweging, besteande út Reinder Reitsma, Nynke Beetstra en Johannes Elzinga, by Hindrik van der Meer en syn frou Beitske yn Fûns ûnder Jorwert del west om Hindrik de Fear yn 'e Broek fan de Ried oan te bieden mei in byhearrende oarkonde.

Foarsitter Reinder Reitsma fan de Ried spruts nochris it grutte belang fan Hindrik syn krewearjen út foar de muzykwrâld yn Fryslân en foar de Fryske taal. Ien en oar stiet ek beskreaun yn de oarkonde. Hindrik wie der tige mei ynnommen, mar joech oan dat er it allegear net dwaan kind hie sûnder de stipe fan syn frou Beitske.





Bûsboekje 2024

Op 20 july 2023 waard yn it Proeflokaal Grutte Pier Brouwerij yn Bartlehiem it nije Bûsboekje presintearre. Oer dat plak wie goed neitocht: yn brune kafees en oer Grutte Pier wurde sterke ferhalen ferteld. En sterke ferhalen foarmje it tema fan it Bûsboekje 2024. It earste eksimplaar waard troch redaksjelid Piter Andringa oanbean oan teäterrechtpear Jan Arendz en Marijke Geertsma. By de presintaasje songen, alhiel neffens it tema, Nanne Kalma en Ankie van der Meer in liet oer in sterk ferhaal. Op it omkaft fan it nije Bûsboekje stiet in leagenbankje, ek sa'n plak foar sterke ferhalen.

It Bûsboekje wurdt al 49 jier makke troch in frijwilligersredaksje. Alle jierren wurde der sa'n 3.000 stiks fan ferkocht yn winkels rûnom yn Fryslân.

Kontakten mei OCW en Ried fan Europa



Ferline jier hat de Ried in brief skreaun oan it Ekspertkomitee foar minderheden fan de Ried fan Europa. Yn dy brief fregen we om oandacht foar de diskriminearjende oanpak fan it Frysk binnen it Nederlânsk ûnderwiissysteem. Amtlike mûnen draaie net sa fluch, mar begjin fan dit jier hat dy brief laat ta in petear mei amtners fan it Ministearje fan OCW (ûnderwiis). Sy hiene in ôfskrift krigen fan de brief oan it Ekspertkomitee. Dat wie in posityf petear, mar in formele reaksje duorre oant yn augustus, om't men wachte oant it fjirde rapport


fan it Ekspertkomitee ferskynde. Koartsein komt it derop del, dat it Ministearje fan OCW dochs gjin stappen sette wol om de ûnderwiiswetten te ferbetterjen. Wol hawwe se de provinsje oansprutsen oer it belied fan ûntheffingen.

In amtner fan de provinsje fertelde ús dat OCW harren dêr yndied op oansprutsen hat en seit dat se der alles oan dogge om de ûntheffingekultuer te trochbrekken. Der sil yn alle gefallen oandacht foar wêze yn de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. De Ried sil de kommende tiid trochstride op dit dossier!

Petear mei de nije deputearre foar Taal

Op 12 oktober kaam it deistich bestjoer fan de Ried yn 'e kunde mei de nije deputearre foar Taal, Eke Folkerts. Wy hiene in oantal te bepraten ûnderwerpen op ús listje, ûnder oaren hoe't de Ried de kommende jierren de kontakten mei de deputearre ûnderhâlde sil. Mear dêroer yn in kommende nijsbrief, want it petear hie plak doe't dizze nijsbrief al by de printer lei.

Ynbring rûnetafelpetear



De fêste Keamerkommissje foar Ynlânske Saken organisearre op 12 oktober in tal rûnetafelpetearen oer de nije Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Dêr wiene in beheind tal minsken út it Fryske fermidden foar útnûge. De Ried wie sels net útnûge oan tafel. Wol hiene wy skriftlik ús fyzje ynbrocht (te lêzen op It Nijs). Dêrneist wiene wy fertsjintwurdige op de publike tribune.

Kommunikaasjekommisje drok oan it wurk

Dizze simmer is de kommunikaasjekommisje fan de Ried begûn mei it útwurkjen fan in kommunikaasjestrategy foar de kommende jierren. Om ús dêrby te helpen hawwe wy profesjonele help ynhierd. Der hawwe al in oantal sesjes west om út te finen wat ús driuwfearren binne en hoe't wy de achterban berikke en fergrutsje kinne. Douwe Gerlof Heeringa fan Rumspringa begeliedt ús by dit trajekt. De kommunikaasjewurkgroep bestiet fierder út Klaas Groen, Emma Smith en de bestjoersleden Arjen Dijkstra, Simen Hofman en Pieter de Zwart. Emma Smith studearret yn Grins en is lid fan Bernlef, Klaas Groen is ûnderwiiskundige en spesjalist/adviseur op it mêd fan digitale learmiddels.

Europeeske taalminderheden moetsje inoar yn Hongarije

It jierlikse kongres fan de Europeeske taalminderhede-organisaasje FUEN, dêr't de Ried by oansletten is en dêr't Frank de Boer ús fertsjintwurdiger by is, wie yn septimber yn Súd-Hongarije. Pécs is in tige multykulturele stêd mei sawol in Dútsktalige middelbere skoalle as in Roma-gymnasium. Der wenje û.o. ek Kroäten en Roemenen. Dy hawwe yn Hongarije allegearre in minderhedebestjoer op lokaal, regionaal en nasjonaal nivo.

By de jiergearnkomst waarden ferskate resolúsjes oannaam dêr't û.o. de oprop yn dien waard oan de EU en nasjonale oerheden om better rekken te hâlden mei minderheden en har mear te belûken by saken harren oanbelangjend. De Russyske agresje yn de Oekraïne waard feroardiele, mei spesjale oandacht foar wat de oarloch foar de minderheden dêr betsjut. Benammen foar de Grykske minderheid en de Krimtataren is de situaasje tige slim.

It is by sa'n kongres fansels ek de bedoeling om mei-inoar yn 'e kunde te kommen. Dat slagge prima mei sa'n 200 fertsjintwurdigers fan minderheden en politisy út hiel Europa. It fergelykjen en útwikseljen fan ûnderfiningen kin ynspiraasje biede foar Fryslân en is dêrom hiel weardefol.



Fedde Schurerlêzing 2023: Is der noch romte foar pasifisme?

Sneon 25 novimber, Tresoar, 15.00 oere (ynrin 14.30 oere)

De Fedde Schurerlêzing is in inisjatyf fan de Ried fan de Fryske Beweging en wurdt jierliks organisearre om de datum fan Kneppelfreed hinne (26 novimber) yn gearwurking mei Tresoar, de Fryske Akademy en de Ljouwerter krante.

Fedde Schurer wie pasifist. Kinne jo dat hjoed-de-dei noch wol wêze as we sjogge nei alle ûnrêst en geweld yn 'e wrâld? Twa sprekkers sille har ljocht dêroer skine litte, immen út de pasifistyske en immen út de militêre hoeke

wei. Nei it skoft is der romte foar diskusje. De muzikale bydrage komt fan Nanne Kalma en Ankie van der Meer. De tagong is fergees, mar der moatte kaarten reservearre wurde fia VanPlan.nl. Neiïere ynformaasje folget op It Nijs en yn advertinsjes yn de Ljouwerter krante.

Nijs fan de oansletten selskippen

Frysk Boun om Utens Keninklik

Op 16 septimber waard yn Swol it 100-jierrich bestean fierd fan it Frysk Boun om Utens, de koepelorganisaasje fan Fryske krite bûten Fryslân. It wie in dei fol taspraken, ferdiveadaasje, noflik mei-inoar praten en iten en drinken. Hichtepunt wie de útrikking fan it predikaat Keninklik troch kommissaris fan de Kening Arno Brok. In wiidweidich ferslach fan dy dei is te finen op ús digitale krante It Nijs (www.itnijs.fr). Op 'e foto krijt foarsitter Jan Bijkerk fan it Boun de ûnderskieding útrikt troch Arno Brok. Deputearre Eke Folkerts stiet klear mei blommen.



Betinking Slach by Warns

De frije sûne Fries. Dat wie it tema fan de Betinking fan de Slach by Warns dit jier op 23 septimber. Sprekkers wiene antropologe Anne-Goaitske Breteler en amateur-archeolooch Robbert Velt. De muzyk kaam fan sjonger-sankjeskriuwer Marcel Smit. Yn doarpshûs De Spylder yn Warns koe noch neipraat wurde. Ek hâlde Robbert Velt dêr syn presintaasje oer syn fynsten. Dêrfoar wie it winerige klif dochs wat minder geskikt.



Nije direkteur Folkshegeskoalle

Akkie Feenstra út Harns is yn oktober oan 'e slach gien as nije direkteur fan Folkshegeskoalle Schylgeralân op Skylge. Sy folge Jacqueline Spendel op, dy't de Folkshegeskoalle ferliet foar in baan by it Frysk Museum.



Oprop: Graach mailadressen trochjaan

De papieren nijsbrief krije alle stipers en oansletten selskippen mei de gewoane post tastjoerd en dat bliuwt yn de takomst noch wol twa kear jiers sa. Mar tuskentiids wolle we jim tenei wat faker oer de mail mei in digitale nijsbrief byprate oer ús aktiviteiten. Fan aardich wat stipers ha wy noch gjin mailadres.

Wy soene it tige op priis stelle as jimme jim mailadres oan ús trochjouwe op ynfo@fryskebeweging.frl

Miskien twivelje jim oft wy jim (goede) mailadres wol hawwe. Om dat te testen stjoere we jim dizze nijsbrief dizze kear ek mei de mail ta.

www.fryskebeweging.frl

